

FFU Feriening Frysk Underwiis

Oansletten by de Ried fan de Fryske Beweging

311204sth2

Korrespondinsje-adres:

Th. Dykstra

Hearedyk 9

8735 HN ITENS

Nijsbrief/jierferslach oer 2003

Ynlieding

Yn it diskusjestik 'De FFU en syn aktiviteiten yn de heine takomst' dat op ús jiergearkomste fan 15 jannewaris 2003 op it aljemint west hat, hawwe wy oanjûn wêr't wy de kommende jierren de klam op lizze wolle. De sintrale knyp punten lizze by de ferbettering fan de wet- en regeljouwing op lanlik mêd (makronivo), de natuerlike taalrjochten fan ûnderwiisjaanden dy't Frysk prate en skriuwe wolle op it nivo fan de skoalle (mesonivo), it ferbetterjen fan it plak en de ynhâld fan it Frysk as fak- en fiertaal de hiele skoalletiid troch en fan de Fryske skiednis en de Fryske kultuer (meso- en mikronivo). Op alle trije nivo's hawwe wy (ek) yn de ôfrûne ferslachperioade wer mûnlinge en/of skriftlike kontakten lein.

It finansjele ferslach wurdt op de jiergearkomste foarlein. Hjirûnder dogge wy ferslach fan

- de gearstalling en funksjes/taken fan de bestjoersleden;
- it tema fan de jiergearkomste;
- de oare bestjoersaktiviteiten.

A. Bestjoer

Yn 2003 bestiet it bestjoer út:

Th. Dykstra (foarsitter), G. van der Hoef (skriuwer, oant 15 jannewaris 2003), R. Straatsma (ponghâlder), Th. van der Veen (bestjoerslid, notulist), S.T. Hiemstra (fisefoarsitter), Ed. Knotter en G. Gerbrandy (kandidaatbestjoersleden).

Yn it begjin fan it ferslachjier hawwe wy om reden fan stúdzjedrokten, ôfskied nimme moatten fan G. van der Hoef. It skriuwen fan gearkomsteferslaggen wie al earder ynformeel oernommen troch Th. van der Veen; dy giet dêr no formeel mei troch. It iepenfallen gat is yn de earste helte fan it ferslachjier, koart nei it ôfgean fan Van der Hoef, opfolle troch Ed. Knotter (learaar Frysk op Skoalle Lyndensteyn). Yn de twadde helte fan it jier (okt. 2003) waard ús bestjoer fersterke mei G. Gerbrandy (âldlearaar en wethâlder fan Wymbritseradiel).

Om oerbelêsting fan ús foarsitter tefoaren te kommen, binne op 12 maart de funksjes en taken binnen de FFU wat better ferdield. Th. Dykstra bliuwt foarsitter en wurdt it korrespondinsje-adres en earste oansprekpunt. Hy soarget ek foar de fuortgong fan konseptbrieven. S.T. Hiemstra wurdt fisefoarsitter en stelt safolle as mooglik is de konseptbrieven op en makket it konseptjierferslach (it *Nijsbrief*). R. Straatsma bliuwt ponghâlder. Hy soarget foar it finansjeel behear en it byhâlden fan de lede-administraasje. Ed. Knotter belêstiget him mei praktyske saken lykas it ferstjoeren fan brieven (benammen oer de e-post). Th. van der Veen rêdt foar de gearkomsteferslaggen, de adreslist en wurdt yn it ferslachjier, njonken Th. Dykstra, fertsjintwurdiger fan de FFU yn de Ried fan de Fryske Beweging as opfolger fan Van der Hoef.. Op 1 jannewaris 2004 wurdt G. Gerbrandy ús fertsjintwurdiger yn de Nederlânske kommisje fan it Europeesk Buro foar Lytse Talen (it *European Bureau for Lesser Used Languages*: EBLUL) as opfolger fan R. Straatsma, dy't periodyk ôfgeand is.

Yn 2003 komt it bestjoer gear op 8 jann., 19 febr., 12 maart, 16 april, 14 maaie, 25 juny, 3 aug., 8 okt., 12 nov. en 10 des. by de famylje Straatsma oan hûs.

B. Jiergearkomste

Op 15 jannewaris 2003 organisearret de *FFU* yn 'e mande mei de Seksje Frysk fan de *VLLT* en it *Pedagogysk Wurkferbân* in jûn oer it ûnderwerp 'Wat nei de trijetalige basisskoalle?'. J. Ytsma hâldt dêr in lêzing (mei diskusje) oer. Der is in presintaasje fan differinsjaasjemateriaal by *Flotwei Frysk* (SLO-projekt 'Diversiteit') troch A. Riemersma en in tal NHL-studenten.

It stik fan S.T. Hiemstra oer de aktiviteiten fan de *FFU* yn 'e heine takomst kriget de ynstimming fan de gearkomste. Wy wolle it dêryn neamde 'swartboek' de kommende tiid fierder fan 'e grûn helpe (sjoch ús 'Oprop swartboek' fierderop).

Finansjele saken: der komt wat minder ledejild yn en it *Arjen Witteveen Fûns* jout gjin stipe mear. Der binne nije akseptgirokaarten oantúgd yn ferbân mei de euro. Nei de gearkomste hat de kaskommisje, besteande út frou Cl. de Boer-de Jong en G. Gerbrandy, de finansjele stikken oer de lêste beide jierren neisjoen en goedkard.

C. Kontakten

1. Ministearje

Op 6 jan. 2003 krigen wy in reaksje op ús brief (fan 15 nov. 2002) oan de minister fan OC&W, frou Van der Hoeven (har reg. nû. 504417) oer de 'vroeg- en voorschoolse educatie' (VVE; sis mar: de programma's *Piramide* en *Kaleidoscoop*), de *begjin-* en *eintoets* (fan de basisskoalle) en it Frysk (sjoch ek ús *Nijsbrief* oer 2002 (jann. 2003)). De minister seit dat se gjin reden hat om oan te nimmen dat *Piramide* net yn it belang fan de Fryske learlingen wêze soe. Wol giet se derfan út dat lokale en regionale ferskillen relevant wêze kinne en oanlieding foar in oanpaste tapassing. De gemeenten kinne kieze út it oanbod en kinne betingsten stelle oan de tapassing yn har situaasje. Se sjocht gjin reden om, neffens ús winsk, it Cito de opdracht te jaan om ta in programma te kommen dat (ek) folslein rjocht docht oan it Frysk.

De minister reagearret ek net ynhâldlik op ús winsk om in eventueel ferplichte *begjin-* en *eintoets* in foar Fryslân eigen karakter en ynhâld te jaan dy't past by de offisjeel twatalige situaasje. Se stelt út dat wy ús fyzje jouwe as der in plan fan oanpak nei de Twadde Keamer stjoerd wurdt.

Underwilens besiket it GCO wat te dwaan oan it 'piramide'-probleem. Der binne trije Frysktalige taaltoetsen ûntwikkele en yn gearwurking mei it Fryske lêsbefoarderingsprogramma TOMKE wurdt bestand materiaal oanpast en oanfolle mei nij ûntwikkele materiaal. De subsydzje-oanfraach foar de earste twa tema's (*Hjerst* en *Desimber*) leit ûnderwilens by de provinsje Fryslân (sjoch fierder it tematydskrift *Bern*, nû. 6, nov. 2003, s. 8 en 9).

2. Provinsje

Op 6 juny 2003 hat der oerlis west tusken de *FFU* (Th. Dykstra en S.T. Hiemstra) en de *Provinsje Fryslân* (T. Willemsen en J. Kooistra) oer ûnderskate brieven dy't de *FFU* fan 2 april 2001 oant en mei 22 maaie 2003 oan it provinsjaal bestjoer stjoerd hat. Sjoen it grutte tal brieven en de ûnderlinge relaasjes tusken de behannele ûnderwerpen achte de provinsje it winsklik om dy yntegraal yn in amtlik oerlis oan de oarder te stellen. As agindapunten hawwe û.o. op it rabat west: de posysje fan it Frysk binnen it *Friesland College* en de *Friesche Poort*, de posysje fan de keardoelen yn it basisûnderwiis, in periodike peiling fan it Frysk yn it ûnderwiis, it provinsjale *Plan fan Oanpak fan it Frysk yn it ûnderwiis*. Dykstra en Hiemstra hawwe yn de rin fan juny foldien oan it fersyk om ús fyzje te jaan op de nije keardoelen Frysk foar it basisûnderwiis. Beide DB-leden binne dêrby ek yngongen op de winsklike keardoelen Frysk foar de nl/ml-learlingen en de mg-learlingen fan ekspertizesintra.

Yn in brief fan 9 sept. 2003 sprekke *DS* har 'wurdearring út foar it wurk fan de *FFU*. De sinjalen en advisearring lykas oanjûn yn jimme brieven binne tige wolkom'. Der wurdt mei *DS* ôfptraat dat de *FFU* steech trochgean sil mei it ferstjoeren fan brieven nei de Provinsje Fryslân en dat der op syn minst ien kear jiers in amtlik petear wêze sil, benammen om inoar op 'e hichte te hâlden fan aktuele saken op it mêd fan it Frysk yn it ûnderwiis.

3. *Skoallen*

Op 13 maart 2003 hat ús foarsitter meidien oan it petear op it Bogerman-kolleezje te Snits yn ferbân mei de plannen dêr om in breed fak Frysk, net allinnich foar de boppebouklassen, mar ek foar klasse 3 hafû en 3 en 4 twû, fan 'e grûn te helpen. Dat fak soe dan net yn it plak fan, mar njonken it 'âlde' fak Frysk komme moatte en de klam soe minder lizze moatte op taalbehearsking en mear op de maatskiplike en kulturele uterings.

Bogerman nimt de foarstap yn de rûnte fan de fjouwer projektskoallen dy't it fak Frysk yn de boppebou fan hafû en twû in better plak jaan wolle (Piter Jelles, Dockinga, Singelland, Bogerman). De noata 'Ruimte laten en keuzes bieden' fan it ministearje fan *OC&W* lit dêr romte foar. Dielfakken wurde ôfskaft yn it hafû.

4. *Organisaasjes*

Sneon, 1 febr. 2003 hat bestjoer meidien oan in wurkgearkomste foar de stipers en leden fan de Ried fan de Fryske Beweging mei as tema in 'Maatskiplik Hânfêst foar it Frysk'. Sa'n hânfêst befettet in hiele rige fan taalmaatregels dy't in bedriuw of ynstelling nimme kin om oan de twataligens echt stal te jaan. Dêrby hat it (nije) taalstatút fan *Tresoar* in rol spile. Dat begjin hat fierders noch gjin ferfolch krige.

Op 18 febr. hat der in petear west tusken it DB fan de *Ried fan de Fryske Beweging* en de *FFU* (Dykstra en Hiemstra) oer in inoar fersterkjende gearwurking ('synergy') fan beide organisaasjes. Der is ôfpraat dat de *FFU* in *eigen* herntsje krije sil op de webstek fan de Ried (te meitsjen troch C. Jousma) oer ûnderwiis en Frysk.

5. *Persoanen*

Us foarsitter hat in pear kear kontakt hân mei de doarpsomropper út Easterein, S. van der Meulen (sjoch *LC*, 1-4-2003), dy't net langer yn it Frysk omroppe mei by omropwedstriden. Syn saak is net yn it foarste plak in ûnderwiissaak en sil dêrom (ek) foarlein wurde oan it *Anti Discriminatie Bureau Friesland*. Dat proses rint noch.

Hiemstra hat Willemsen fan de Provinsje syn kommentaar (d.d. 26-6-2003) tastjoerd op de konsept-kearndoelen foar beskate WEC-skoallen (NL/ML en MG-populaasje) en op 'en nij wiisd op it ûnderskood plak dat it Frysk yn it Spesjaal Underwiis noch (altiten) hat en de gefaren fan de learling-bûne-finansiering (it saneamde 'rêchpûdsje') foar it winsklik takomstich plak fan it Frysk.

Oer de e-post hawwe wy fan K. Huisman syn stik oer 'Op nei in komitee foar it Hânfêst' ûntfongen en it bestjoer hat him útnoege om dêr fierder oer te praten.

6. *Konferinsje*

Trije leden fan ús bestjoer hawwe op 2 okt. 2003 meidien oan de konferinsje *Fierder mei Frysk (3)* yn Hotel Wyswert (CHN), organisearre troch de Seksje Frysk fan de *VLLT*. Sintraal stie in rapportaazje fan de 'Taakgroep Vernieuwing Basisvorming' oer it advys oangeande in nije oanpak foar it Frysk yn de basisfoarming. Wichtige eleminten út it advys binne de *ferplichting* fan de (flink bystelde en yn oantal gâns reducearre) kearndoelen en de *frijheid* dy't skoallen (foar alle fakken) krije moatte soene om sels foarm te jaan oan opset en útwurking fan it ûnderwiis. Fierders waard der differinsjaasje-materiaal foar de ûnderbou presintearre, de opbou fan in digitaal faklokaal Frysk yntrodusearre en in fyzje op ynhâld en didaktyk fan in nij eksamenfak hafû/twû *Fryske taal en kultuer* (FTK).

D. *Brieven*

1. *Provinsje*

Deputearre Steaten fan Fryslân

a. (18 maart 2003) oer de *konseptnoata Taalbelied Provinsje Fryslân 2003-2007: It fanselssprekkende plak fan it Frysk* (jan. 2003). Wy hawwe oanjûn dat it loslitten fan it prinsipe fan de twataligens gjin goed ding is en dat dûbeltdaligens mear beswieren opropt. *Kreative* twataligens soe neffens ús betsjutte moatte dat yn teksten it oanpart fan it Frysk nea minder is as 50% wêze mei. Wy hawwe

wiisd op de *foarbyldfunksje* fan de leden fan it kolleezje fan DS en der op oanstien dat oerheden mear it inisjatyf nimme moatte ta in sels mear aktyf brûken fan it Frysk. Stipe-organisaasjes soene de twataligens likegoed aktyf ynhâld jaan moatte. It soe in betingst wêze moatte foar it krijen fan subsydzje. De noata wie ús te frijbliuwend. *Lykweardigens* en *lykberjochting* binne rjochten (*wearden*) dêr't neffens ús ek *plichten* út fuort komme, dy't beneamd wurde moatte soene.

Yn de *Reaksjenota 'It fanselssprekkend plak fan it Frysk 2003-2007'* fan DS en PS (augustus 2003) binne ús opmerkings opnommen mei in reaksje fan de Provinsje (s. 26, 33, 34). Deputearre Steaten hawwe ús op 20 juny 2003 yn in brief meidiel dat de definitive noata nei ferwurking fan de reaksjes op 5 maaie troch DS en op 18 juny troch PS goedkard is. De fiif wichtichste wizigings yn de definitive noata wurde oanjûn.

b. (19 maaie 2003) oangeande de winsklikens om yn Fryslân struktureel it evaluaasjemiddel fan de *Periodike Peiling fan it Underwiis* (PPON) te hantearjen foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk as fuortsetting fan it taalpeilingsûndersyk fan S. de Jong en A.M.J. Riemersma (1994). Dat soe kinne yn it ramt fan it (lanlike) PPON-ûndersyk, mar ek as apart projekt útfierd troch de Fryske Academy. It brief hat de LC helle (22-5-2003).

c. (26 juny 2003) oer de *ûnderwiisynspeksje yn Fryslân en it Frysk*. Wy tinke dat ûnderwiisynspekteurs dy't Fryslân (ek) as har *wurkgebiet* hawwe, de kwaliteit fan it ûnderwiis *beoardielje* en *befoarderje* moatte en de plicht hawwe om dêroer te *rapportearjen* (*Wet op it ûnderwiistafersjoch* [WOT] fan 1 sept. 2003), ek saakkundich wêze moatte op it mêd fan de twataligens en it twatalich ûnderwiis en in goede mûnlinge en skriftlike behearsking fan it Frysk hearre te hawwen op (minimaal) it nivo fan de Afûk-akte. Wy pleitsje derfoar dat de provinsje mear te sizzen kriget oer de beneamings fan kandidaten foar de funksje. It brief hat twa kear de LC helle (4-7-2003; haadartikel 7-7-2003).

d. (30 juny 2003) oer de *beneamingseasken ûnderwizend en ûnderwiisstypjend* personiel. De behearsking fan it Frysk fan *basisskoallelearaars* en *klasse- en/of ûnderwiisassistinten* is ornaris noch fan in te leech nivo om de taal ferantwurde oerdrage te kinnen. Wy pleitsje derfoar dat de provinsje foar beide skiften stappen set yn de rjochting fan it realisearjen fan in *beneamingseask* yn Fryslân dêr't in folsleine en goede behearsking fan it Frysk en foldwaande kennis fan en ynsjoch yn syn skiednis en kultuer in ûnderdiel fan is. Foar it Hollânsk jildt ommers in lyksoartige eask. Wy stelle út dat de provinsje in wurkgroep ynstelt dy't advys jout oer de ynhâld fan it *foech Frysk foar it basisûnderwiis*. Dat stelt oant no ta noch fierstente min foar. Sa'n wurkgroep soe der ek komme moatte foar de *ROC's* as it giet om de winsklike kennis en kunde oangeande de Fryske taal, skiednis en kultuer fan de *klasse- of ûnderwiisassistinten*. Yn beide gefallen liket it ús winsklik dat de provinsje it *tafersjoch* kriget op de *kwaliteit* fan it *foech* en it *programma*. Boppedat soe de provinsje it petear mei provinsjale fertsjintwurdigers fan de bestjoeren fan iepenbier en bysûnder basisûnderwiis yn Fryslân iepenje moatte om ta ôfspraken te kommen oer harren *beneamingsbelied* as it giet om de Fryske taal en kultuer. It brief helle it FD (8-7-2003).

e. (30 okt. 2003) oer de *relaasje fan it Europeeske hânfêst foar regionale of minderheidstalen, de Nederlânske wet- en regeljouwing en de rjochten en plichten fan de minsken yn Fryslân*. Neffens de reaksjenoata 'It fanselssprekkend plak fan it Frysk' sjocht de provinsje it as syn kearnzaak om *stimulearjend*, *koördinearjend* en *fasilitearjend* dwaande te wêzen en in *foarbyldfunksje* te hawwen. Dêryn falt ek te lêzen dat in taalbelied mei in *ferplichtsjend* karakter earslings wurkje sil. Wy tinke dat soks in opfetting is dy't *tekoartsjit*. Wy freegje om nei te tinken oer in fierdergeande, *kontrolearjende* en *sanksjonearjende* taak, omdat taalrjochten ek taal*plichten* meibringe en it needsaklik is dy net yn *frijbliuwendheid* smoare te litten. De taalmachtsferhâldings binne yn Fryslân noch lang net normaal en yn balâns. In part fan de beliedsmaatregels út it hânfêst en de lêste bestjoersôfspraak (juny 2001) soe dêrom opnommen wurde moatte yn de nasjonale wetjouwing, bgl. yn de *Wet op it Primêr Underwiis* en de *Wet op 'e Ekspertizesintra*. Dan liket ús *kontrôle* op it neikommen dêrfan en it nimmen fan *maatregels* as skoallen tekoart sjitte, better mooglik. Nasjonale wetjouwing hat in grutter gewicht fandatoangeande as it hânfêst, dat in sterk symboalysk karakter hat.

Wy steande der ek op oan om yn it *fuortset* ûnderwiis in ferplichting as *fier- of ynstruksjetaal* op te nimmen, lykas by it primêre ûnderwiis (en wol in 'aanmerkelyk deel').

Yn de wet- en regeljouwing soe it boppedat *ferbean* wurde moatte dat Friezen it rjocht ûntsein wurdt om yn Fryslân har taal mûnling en skriftlik ûnbehindere te brûken yn alle domeinen neffens kar. De Friezen hawwe yn har eigen provinsje de *earste* en *âldste* rjochten en dan hearre gjin blokkaden dêrfan tastien te wurden.

f. (7 nov. 2003) oer de opfettings fan de *Taakgroep Vernieuwing Basisvorming* oangeande de keardoelen Frysk en de *ferplichting* fan it Frysk as eksamenfak *Fryske taal en letterkunde* (FTL) en as eksamenfak *Fryske taal en kultuer* (FTK) yn ús provinsje. De learling moat dan ien fan beide eksamenfakken kieze.

Wy wize it pleatsen fan de (aanst) ferplichte Fryske keardoelen yn in saneamd *differinsjeel* diel ôf, omdat se thús hearre yn it *kearndiel* (dêr't allinnich wetlike doelen foar formulearre wurde). Boppedat heart it yn Fryslân te gean om *yntegraal* taalûnderwiis yn in *twatalige* (eventueel *trijetalige*) skoalle en dan heart de *status* fan de Fryske keardoelen net in oaren-ien te wêzen as dy foar Nederlânsk en Ingelsk. De lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk en it Hollânsk mei net yn 'e kiif steld wurde troch beide fakgebieten op in *ferskillend plak* ûnder te bringen.

Omdat de (nije) keardoelen net foldwaande eksplisyt formulearre binne en se dêrom gjin dúdlikens biede foar de konkrete leardoelen en te min hâldfêst jouwe foar de ûnderwiispraktyk, steane wy der jitris op oan dat de provinsje in *kultuerpedagogyske diskusje* organisearret om dy dúdlikens wol te jaan en sa in grûnslach te lizzen foar de nije *learmiddel*produksje.

2. Ministearje

a. (12 febr. 2003; oan de minister fan OC&W, frou M. van de Hoeven) oer *de posysje fan it Frysk yn it ramt fan de eksaminearring fmbû/vmbo*. Wy hiene yn 2002 steatssektaris Adelmund frege om de karmooglicheden foar it fak Frysk yn it fmbû te fergruetsjen (sjoch *Nijsbrief* 2002). It teloarstellende antwurd fan it ministearje hat laat ta in (nije) reaksje. Wy freegje om net te wachtsjen oant in op 1 aug. 2004 yn te stellen *Taakgroep Basisvorming* om it mooglik te meitsjen dat it Frysk as eksamenfak keazen wurde kin yn de 'basisberoepsgerichte leeuweg'/'leerwegondersteunend onderwijs' en de 'kaderberoepsgerichte leeuweg'. Wy steane der (wer) op oan om sa gau mooglik de oanbelangjende 'Eindexamen- en Inrichtingsbesluten' oan te passen. Wy wize derop dat de kern fan it probleem en de muoisume gong fan saken om wat yn De Haach klear te krijen, sit yn it feit 'dat de centrale overheid in Nederland de kernwaarden van de pleitcoalities ter bevordering van de status van een unieke taal als het Fries, *niet* heeft overgenomen, terwijl het interactieproces dat gedragen wordt door ambtelijke actoren in zijn effecten *steeds te beperkt blijft*' (sj. de dissertaasje fan P. Hemminga, *Het beleid inzake unieke regionale talen*, 2000, s. 419-420, 429). Dat is neffens ús 'een droevig stemmende conclusie'.

b. (10 maart 2003; oan de minister fan OC&W, frou M.J.A. van der Hoeven) oer *de noata 'Ruimte laten en keuzes bieden in de tweede fase havo en vwo'* steane wy op basis fan *lykweardigens* en *lykberjochting* oan op in *ferplichting* fan it Frysk as eksamenfak yn it hafû en it twû: 'Wil het Fries zich kwantitatief en kwalitatief in voldoende mate kunnen ontwikkelen dan vraagt dat om een maatschappelijke elite die het Fries als standaardtaal op een *goed niveau* kan hanteren, mondeling, maar vooral ook schriftelijk. De leerlingen van het havo en vwo moeten tot die elite gerekend worden. Het is dus op wat langere termijn noodzakelijk dat het Fries als unieke taal, als de meest eigen taal in het eigen gewest en als oudste autochtone taal van dit land tot het gemeenschappelijk deel van het examenprogramma in Fryslân gaat behoren, waarbij de leerling zou kunnen kiezen uit een 'klein' of 'groot' vak Fries. It brief wurdt mei ûndertekene troch de seksje Frysk fan de *VLLT* (foarsitter: dr. B.A. Gezelle Meerburg). It brief hellet de *LC*, 18-3-2003.

3. *Fryske Akademy*

a. (11 juny 2003) oer in brief fan maaie 2003 fan in wittenskiplik meiwurkster fan de Fryske Akademy oan âlden fan basisskoallelearlingen (yn Opsterlân) oangeande *in ûndersyk nei de relaasje tusken skriuwtal, lêsnocht en lêsbegryp yn Fryske boeken*. It Hollânsktalige brief wie negatyf fan toan. It begjint daliks al mei: 'Veel schoolkinderen vinden het niet leuk om Fries te lezen. Vaak begrijpen ze ook niet goed waar een Friese tekst over gaat. Een verklaring hiervoor is dat de schrijftaal ver af staat van de spreektaal.' Wy hawwe ynformearre nei de opset fan it Akademy-ûndersyk. En (wer) de winsklikens útsprutsen dat der in PPO-ûndersyk komt nei de fertuten fan it ûnderwiis yn it Frysk oan basisskoallelearlingen.

b. *Reaksje Fryske Akademy (25-6-2003)*. De wittenskiplik direkteur skriuwt ús dat it brief fan de meiwurkster yn it Frysk of *twatalich* wêze moatten hie. De Akademy is troch de *Stichting Lezen* frege om mei in tal ûndersykfoarstellen te kommen op de mêden dy't de Stichting ta sines rekkenet. As it meast nijsgjirrich en ûnthjittend waard de relaasje tusken de Fryske taalnoarm oan de iene kant en lêsnocht en it lêsbegryp oan de oare kant sjoen. De *Stichting Lezen* fûn dat projekt wichtich, omdat de ûndersyksresultaten fertaald wurde sille nei praktykoanwizings oangeande de Fryske *taalnoarm* yn jongereinliteratuer foar skriuwers en útjouwers fan Fryske berneboeken en lesmateriaal.

Wy binne as FFU fan betinken dat as dy oanwizings in (fierdere) ferhollânsking fan de taalnoarm foar skoalbern ynhâlde soene, wy dan fiks tsjingas jaan moatte. Wat wy wòl en yn it foarste plak hawwe moatte yn Fryslân, is gâns mear en better Frysk lê- en taalûnderwiis en binne gâns mear en better *Fryskkundich* ûnderleine learkrêften en net de útferkeap fan ús taal, want dan wurdt dy op in stuit (ek skriftlik) in dialekt fan it Hollânsk.

Fierders seit de wittenskiplik direkteur dat men op de Akademy noch altiten posityf foar it opsetten fan in Frysk PPO-ûndersyk stiet. Hy tinkt dat de kâns fan slagjen lykwols net grutter wurdt no't der plannen binnen om de keardoelen Frysk fiks ôf te swakjen.

4. *Fryske ROC's*

a. (1 maaie 2003) oer *dokuminten* en de *gedrachskoade* foar it brûken fan it Frysk op it *Friesland College* en de *Friese Poort*. Wy hawwe kundskip jûn fan ús beswieren tsjin har útgongspunt dat it Frysk allinnich brûkt wurde kin as de oanbelangjende partijen dêr *oerienstimming* oer hawwe en dat it op *frijwillige* basis moat. Wy pleitsje derfoar om learlingen en learaars op basis fan *lykweardigens* en *lykberjochting* it *rjocht* te jaan op it brûken fan it Frysk. Mei de oanbrochte behinderings dy't der no noch lizze, sil de opstelling fan de *ROC's* yn de praktyk *repressyf* bliuwe.

b. *Reaksje ROC's*. Op 23 juny krije wy berjocht dat de dokuminten en de gedrachskoade fêststeld binne en op 1 aug. 2003 ymplementearre wurde (û.o. troch wiziging fan it eksamenreglemint). Mei ús krityk is (noch) neat dien. Yn aug. 2004 sille wurking, ynhâld en berik fan de dokuminten evaluearre wurde.

Wy tinke dat hjirre ek in taak foar de Provinsje leit om har dermei te bemuoien. Sa't it no is, mei it perfoarst net bliuwe.

5. *Europees Platform*

a. (5 nov. 2003) oan it *Europees Platform voor het Nederlandse Onderwijs* (Alkmaar) oer it *ûntbrekken fan ynformaasje oer Frysk en it twatalich ûnderwiis yn Fryslân* yn har 'Overzicht scholen primair onderwijs en voortgezet onderwijs met versterkt talenonderwijs en tweetalig onderwijs in Nederland 2003-2004' (d.d. 8-9-2003). Yn in brief fan 28-11-2001 hiene wy dy organisaasje ek al wiisd op dat tekoart.

Wy jouwe twa foarbylden fan twa-/meartalich ûnderwiis yn Fryslân: It achtjierrige projekt 'De trijetalige skoalle' (ynformaasje: *GCO-fryslân* en de *Fryske Akademy*) en it 'Platform Frysk', in

gearwurkingsferbân fan in stikmannich skoallen foar fuortset ûnderwiis (ynformaasje: Provinsje Fryslân, ôfd. ûnderwiis) om it Frysk in grutter plak yn it kurrikulum te jaan.

6. Taakgroep Fernijing Basisfoarming

a. (8-12-2003) oan frou Ch. Broeren en R. Steur, leden fan de oanbelangjende taakgroep. Se hawwe as taak om de lanlike oerheid te advisearjen oer it plak fan it fak Frysk yn it kurrikulum fan de basisfoarming yn Fryslân.

Wy wize harren op de needsaak om yn Fryslân te kommen ta *yntegraal* taalûnderwiis en it belang fan it pleatsen fan it Frysk yn it *kearn*diel fan it kurrikulum. Wy tinke dat der allinnich *differinsjearre* wurde mei neffens de mooglikheden fan in learling en nèt op it nivo fan de skoalle. It taheakjen fan it begryp 'Fryske *kultuer*' oan it fak Frysk mei neffens ús nea ynhâlde dat sokke kultuerlessen yn it Hollânsk jûn wurde. De taalgroei yn en troch it Frysk heart yn de basisfoarming foarop te stean. Wy achtsje de útstelde kearndoelen *te globaal* en dêrtroch *ûntoetsber*. De *kwaliteit* fan it ûnderwiis yn en troch it Frysk is mei sokke globale doelomskriuwings net nei te gean.

Foar de learlingen dy't Frysk as twadde taal leare moatte, binne de doelen te licht. Sa mist bygelyks it *skriuwen* as leardoel folslein. In yndieling fan learlingen neffens Frysk-twadde taal (F-tt) en Frysk-memmetaal (F-mt) achtsje wy net goed te meitsjen: learlingen sitte op in glydzjende skaal fan Frysktaligens. Goede F-tt-learlingen hoege mei goed en foldwaande Frysk ûnderwiis yn 'e praktyk net minder fier te kommen as minder goede F-mt-learlingen.

It Frysk kin allinnich út syn *efterstelde* posysje helle wurde troch foldwaande ûnderwiistiid foar it 'fak' en de 'ynstruksjetaal' beskikber te stellen. Wy binne fan betinken dat in skoalle oeral yn Fryslân nea in *folsleine* frijstelling fan Frysk krije kinne moat. Yn de skoallen heart it Frysk *lykweardich* en *lykberjochtige* behannele te wurden.

Wy wize op it belang fan *trochgeande lear(stof)linen* de hiele skoalle troch en fersmite sadwaande in *projektmjittige* oanpak. Wy tinke dat in *homogene* groepearring fan learlingen neffens taalbehearskingsnivo by it oanlearen fan de *stavering* te ferdigenjen is, mar by it *praten learen* net.

Fierder jouwe wy mei klam oan dat it Frysk allinnich fan syn Jan-poeplsplak ôfkomme kin, as *yntegratyf* taalûnderwiis (fan Frysk, Hollânsk en Ingelsk) betsjut dat der (ek) in *kontrastive grammatikale* oanpak hantearre wurdt en dat der genôch (net-tale-)fakken binne (dus in 'aanmerkelyk deel' fan it learplan) om it *Fryske-taalregister* fan dy (oare) leargebieten oan te learen, om sa ynterferinsjes tefoaren de kommen en it ûntstean fan in 'lexical gap' te bestriden. Soks fereasket in *ferplichting* as *ynstruksjetaal* yn de basisfoarming en *trijetalige* metoaden (media).

E. Publisiteit

Wêr't it doel hat, wurde *ôfskriften* fan brieven stjoerd nei *Provinsjale Steaten, Deputearre Steaten*, it *Konsultatyf Orgaan* foar it Europeeske Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen (Ljouwert), it '*Committee of Experts of the European Charter of Regional or Minority Languages*' fan de Ried fan Europa (Straatsboarch), it *Ministearje foar Binnenlânske saken en Keninkryksrelaasjes*, de *Ried fan de Fryske Beweging*, it *Berie foar it Frysk*, de seksje Frysk fan de *VLLT*, it *Taalsintrum Frysk* fan *GCO-fryslân*, 'Fryske' Keamerleden [R.H. Algra (CDA), J.J. Atsma (CDA), C. Cornielje (VVD), S. van Haersma Buma (CDA), J.C. Huizinga-Heringa (CU), R.W.F. Kortenhorst (CDA), L.W. van der Laan (D'66), J. van Nieuwenhoven (PvdA), J. Rijpstra (VVD), P.A.J. Straub (PvdA), J. Tichelaar (PvdA)], de deiblêden *FD* en *LC* en *Omrop Fryslân*.

Guon brieven wurde yn *Swingel* (ynternet) of yn it tydskrift *Swingel* ôfprinte. Wy wolle graach in eigen FFU-herntsje op de ynternetside fan de *Ried fan de Fryske Beweging* hawwe om dêr *flot* ús eigen dingen op kwyte te kinnen. Dat is oant no ta noch net slagge.

F. Oprop 'swartboek'

Eindoel fan it taalbelied (fan *lykweardigens* en *lykberjochting*; ferlykje ek de 'derde *bestuursafsprake friese taal en kultuur 2001-2010*') is dat 'enerzijds elke inwoner van Fryslân in staat is Nederlands en Fries te verstaan, te spreken, te lezen en te schrijven; en anderzijds dat de maatschappij zo ingericht dient te worden, dat de inwoners ook de reële mogelijkheid krijgen in elk domein naar keuze Fries of Nederlands te gebruiken' (Berie foar it Frysk, *Rapportazje fan de wurksumheden oer de jierren 1999-2001*, Ljouwert 2002).

Wy wolle al ús leden oproppe om it kommende jier ús koarte beskriuwings ('gefallen') ta te stjoeren fan situaasjes dêr't Friezen yn har natuerlike taalrjochten skeind wurde yn Fryslân. Leafst op it mêd fan it *ûnderwiis*, mar omdat ûnderwiis in ûnderdiel is fan de maatskippij om ús hinne en de rest fan dy maatskippij wer ynfloed hat op datselde ûnderwiis, binne oare gefalsbeskriuwings ek brûkber (sjoch bygelyks boppe de 'kasus' fan de doarpsomropper fan Easterein). Dat tastjoeren kin mei de post nei ús korrespondinsje-adres of oer de e-post (sthiemstra@excite.com; edknotter@hotmail.com).

Op dy wize kin der in samling (*swartboek*) ûntstean. Dêrmei wolle wy oantoane dat der noch te folle Frysk-ûnderdrukkende situaasjes (knyppunten) foarkomme en dêrmei (wer) nei de polityk gean. De polityk sil dêr (op Europeesk, steatsnasjonaal, provinsjaal en gemeentlik nivo) yn de wet- en regeljouwing in skoatteltsjes foar strike moatte.

G. Argyf

It FFU-argyf dat by G. van der Hoef thús wie, is oerdroegen oan R. Straatsma. Straatsma hat yn 'e mande mei Th. van der Veen in skifting oanbrocht yn in 'libben' en in 'dead' argyf. Dat lêste is it part fan it argyf dêr't wy neat mear mei dogge. It sil nei *Tresoar* (dêr't it eardere FLMD yn opgongen is).

H. Ledejild

It ledejild foar 2003 is fêststeld op €10,-

I. Foarútsjoch

Wy tinke dat wy dit ferslachjier hiel wat ûnderwiissaken by de kop hân hawwe. De FFU liket sa njonkelytsen ek wat mear gehoar te krijen by de provinsje.

Oant no ta is de provinsje lykwols noch in *te swakke skeakel* as it giet om it *trochsetten* fan de winsklike ferbetterings yn it Frysktalige ûnderwiis. Wêr bliuwt bygelyks it *publisiteitsoffinsyf* rjochting skoallen?

De ôfhinklikens fan goede wet- en regeljouwing foar it Frysk yn Den Haach is grut. Dy is net echt rjochte op de *emansipaasje* fan it Frysk en feroaring fan de maatskiplike (taal)machtsferhâldings, mar tsjinnit de *reproduksje* fan de besteande ferhâldings. Wat soe dêr oan dien wurde moatte? En hoe?

De situaasje yn it ûnderwiis is wat it Frysk oanbelanget, tige soarchlik. Op de skoalpleinen en ûnder de bern begjint it Hollânsk hiel titen mear foar master op te slaan. It Frysk dialektisearret (ferhollânsket). Om dat te bestriden, kinne wy net sûnder in goed Frysktalich ûnderwiis. It feit dat yn de foarskoalske perioade organisaasjes dy't pjutteboartersplakken yn stân hâlde, de berne-opfang yn it Hollânsk dogge, is in grutte bedriging fan it Frysk yn de takomst. Soks soe deagewoan ferbean wurde moatte. Nammerste wizer binne wy mei de (beskieden) Frysktalige berne-opfang dy't der wol is, en mei it feit dat de bernedeiferbliuwen fisitearre wurde sille.

Yn it basisûnderwiis en de basisfoarming soe it model fan de *trijetalige* skoalle sa gau mooglik in *ferplichting* wurde moatte, wêrby't it Frysk net in minder oanpart kriget as it Hollânsk. De learkrêften binne foar in grut part noch (te) ûnbekwaam om it Frysk goed oerdrage te kinnen op it stik fan de *taalrykdom* en de *taalsuverens* (hoefolle kinne it flot en sûnder ynterferinsjes prate en sûnder staverings- en taalflaters skriuwe?). Alle learkrêften en ûnderwiisassistinten, ek de sittende, soene *ferplichte* in foech hawwe of helje moatte dat fandat ek echt wat foarstelt (en dat is net in spultsje fan

it folgjen fan in stikmannich modulen). Boppedat soe it Frysk in *ferplichte* eksamenfak yn it fuortset ûnderwiis wurde moatte, mei in kar út twa farianten: FTL en FTK. Yn it middelber en heger beropsûnderwiis sille foldwaande (*ferplichte*) modulen Frysk ynboud wurde moatte, rjochte op it berops(taal)register.

Wy steane foar 'echte' lykberjochting en lykwaardigens. De slûpende ûnderdrukking troch it befoarrjochte plak fan it Hollânsk moat ophâlde. Dat freget om in provinsjaal bestjoer dat der as earstferantwurdlike foar it Frysk, *fûleindich* en *sûnder ophâlden* tsjinoan giet. Alderearst yn eigen hûs, mar ek fier dêrbûten. Us folksbestean, mei de taal as sintraal elemint, stiet op it spul!

It bestjoer